

KRYPTOGRAM 218a

Horizontaal:

1 Famylje fan it grutte keamerfamke (10); 6 Goadinne mei in dûbellibben (4); 10 Jild om op te sitten (6); 11 Wurkjouwer fan de bakkersfeint (8); 12 Rôze nulnûmer (4); 13 Oanhingwein (10); 15 Tsjintwurdich is dat in jefte (7); 18 Meiwurkers fan premier Martens. (7); 19 Boadskippersfamke mei in pukkel (3); 20 Fersteurde teannen (7); 21 In hiele lytse perslus (7); 24 Wierd en Tine kochten in liter peut (10); 26 Munt sûnder lead (4); 27 In sieraad dat boeit (8); 28 Hâldt gjin maat by it spyljen (6); 29 Knock out foar it bokswedstriid (4); 30 In neitekene sloop (10).

Fertikaal

2 Hy wurket yn de ynrjochting (7); 3 Jout de pH fan kalmoes en de moalsek oan (7); 4 Kommend fan in plak út de Noardeastpolder bûten Fryslân (5); 5 Groeie lichemsdielen hurder ûnder glês? (11); 7 Eardere advertinsjes foar detektives (9); 8 By it tsiismeitsjen ûntstiet der opskuor yn de tsjems (9);


9 Bears en kat wurde troch har helle (8); 14 Fekke dy 't dy it abc bybringt (11); 15 Foar skiekundigen noch in tip: yn Akkrum kin de téory tapast wurde (9); 16 Rêchweefsel (9); 17 Mar fan de oare kant is yn Leiden it gehiel te sjen (8); 22 Liket rul oan 'e bûtekant (7); 23 It lytse mantsje skearde him meastentiids net (7); 25 Trees as krasse keunstner (5).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 9 - 30 - 18 - 12 - 4 - 29 in Fryske plaknamme.

Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan Kryptogram 218a. Of skriuw dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: Kryptogram 218a.

De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **23 novimber** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in boekebon ferlotte.

BOEKENBON t.w.v. €25,-



Kryptogram 217a:

Plaknamme:

PIAAM

Winner Boekebon:

Rennie Knoop de Jong,
Sint Nyk

LEEWARDER COURANT

11-11-2023